

Boekbesprek

In ferhaal fan de Fryske taal

Sytze T. Hiemstra

Tusken Talen is in kleurich en rynsk mei moaie foto's, in tiidbalke, nuttige jiertallistkes en tige ynformative kaartsjes yllustrearre oersjoch fan de skiednis fan benammen de Fryske taal fan de âldste tiden oant hjoed de dei ta. Mei omtinken foar it Nederlânsk, it Stedsk, it Biltsk, it Stellingwerfsk. En foar de ynfloed fan it Latyn, it Leechdútsk, it Frânsk en it Ingelsk op it Frysk.

It boekje smyt by my inkelde fragen op. Ut hiele West-Europa ferdwynt neffens de skriuwers (s. 13) it Keltysk nei de komst fan de Romeinen. Wêr wurdt dat op basearre? It is grif sa dat op grûn fan fynsten sein wurde moat dat Súd-Nederlân Keltysk wie. Mar hoe siet dat yn de rest fan 'Nederlân'? Kin it ek wêze dat dêr yn de Romeinske tiid Germaanske stammen wennen, dêr't guon fan Keltysk praten?

De skriuwers sinjlearje dat der yn Noard-Hollân om 1600 noch altiten Frysk praat waard troch guon lju (kaartsje, s. 65). Wat binne de oanwizings foar dat feit? Boarnen en literatuer misse.

Nij foar gâns lêzers sille grif de ynsjoggen oangeande in oare yndieling fan it Ald-, Mid- en Nijfrysk (s. 57) wêze. Dat jildt ek foar de sinjlearre oerienkomsten tusken it Stedfrysk en it Hollânsk fan it Hollânske plattelân (s. 60-63).

Tusken Talen is ornearre foar de 'leek' en sadwaande net sa dreech skreaun, al sille begripen as *ûntrûning*, *ynterbellum*, *kondominium* en *tsjilling* (dat boppedat net brûkt wurdt yn de betsjutting fan in 'koart, noch

net folslein útwurke artikel') net foar eltse leek begryplik wêze. De Russyske *enklave* by Kaliningrad liket my in *eksklave*. En it *Oera Linda*-boek is in *mystifikaasje* yn pleats fan in *ferfalsking*.

Twa skriuwers hawwe it boekje gearstald. Dat hat grif syn spoaren neilitten yn *taal* en *teken*. Ik sjoch hjir en dêr *staveringsferskillen*, bgl.: *tsjinwurdich/tsjintwurdich*; *Hânzel*

Besprek fan: Tusken Talen. It ferhaal fan de Fryske taal

Skriuwers: Reitze J. Jonkman, Arjen P. Versloot

Foarmjouwing: Monique Vogelsang

Utgjower: Afûk, Ljouwert, 2009

Tal siden: 144

ISBN: 978 90 6273 800 7

Priis: € 17,50



Hanze; Luksemburch/Lúksemburch/Lúksemboarch; Eems/Iems.

Wêrom *Leech*frankysk njonken *Nedersaksysk*; *Nederdútsk* njonken *Leechdútsk* en *Middel**leechdútsk*? De *-ing*-útgongen wurde ynkonsekwint brûkt yn meartallen, bgl.: *ûntjouwings* njonken *ferieningen*. *Staverings*flaters: *privé*, *mei inoar*, *dermei* (dêrmei), *stâl krigen*. In *n* tefolle hat 'hollannismen'.

It *taalgebrûk* is aardich geef, al hie it op plakken wat better kinnen. Inkelde foarbylden: 'Oannommen moat wurde', ynterferinsjes as 'Ek hjir/nô' (ferl. de Hollânske folchoarder 'Ook

hier') yn pleats fan 'Hjir/Dêr... ek'. Foar *oerfleugeling* of *opskrikt*, yn *see* is grif wol wat Fryskers te betinken. Dat jildt ek foar begripen as *graaf*, *graaflik* en *graafskip*, om't 'greve', 'greeflik' en 'greeskip' noch lang net ferâldere binne. Wurdearring haw ik foar it brûken fan 'Fryske' skriuwwizen as *Belgje*, *Itaalje*, *Austraalje*, *Italjaansk* en *Kastiljaansk*.

Yn guon Afûk-kursussen wurdt omtinken jûn oan de eksterne taalskiednis, bgl. yn de C-kursus en by de Akte-oplieding. Guon parten út *Tusken Talen* lykje my dêr tige gaadlik foar. Bygelyks de haadstikjes oer it Ald-, Mid- en Nijfrysk en dy oer it Latyn, Germaansk en Kustgermaansk.

Al mei al in tige weardefol boekje, dat in grutte fersprieding fertsjinnet.

Serieuze beskriuwing fan de Fryslannen

Henk Wolf

Foar wa't him ris wat djipper yn de Fryske gebieten yn Dútslân jaan wol, hat de Fryske Rie yn 2006 it boek "Die Friesland" útjûn. "De Fryslannen" is dêr de oersetting fan. "De Fryslannen" is in goed brûkber stúdzjeboek foar it fuortset en heger ûnderwiis en miskien ek foar Afûk-kursussen. Foar minsken dy't de "frisistebibel" *Handbuch des Friesischen* te tsjok, te dreech of te spesjalistysk fine, is it op dit stuit it bêste boek om mei Noard- en East-Fryslân yn 'e kunde te kommen.

Spitich is al dat it boek wat opsommerichs hat. De lêzer kin alle feiten sa hurd net ûnthâlde as dat se oer him útstoart wurde. In soad jiertallen en persintaazjes hiene om my ek wol bûten de tekst yn tabeltsjes mocht. It is ek wat skande dat it boek gjin yndeks hat. Der stiet in soad yn, mar it is net altyd maklik te finen. It boek is wol aardich folslein. En wat my ek deugd docht: de skriuwers hawwe it net allinnich oer de toeristyske klisjees, mar jouwe in serieuze beskriuwing fan de Fryslannen. Dat jildt net foar de printsjes, dy't oer it generaal wat stereotyp

Besprek fan: De Fryslannen
Sriuwers: T. Steensen, H. van
Lengen & P. Hemminga

*Kaart fan de
Fryslannen:* Kerst Huisman
Omslach en


Yllustraasjes: R. Kühnast

Ujnwur: Fryske Rie/Afûk

Tal siden: 128

ISBN: 978 90 6273 773 4

Priis: € 17,50



binne: keatsen, alvestêdetocht, boerepleatsen ensfh. Alderaardichst binne de gedichten yn de ferskillende soarten Frysk en it Platdútsk, allegear mei oersettings yn it Westerlauwersk Frysk derby.

Thomas Steensen behannelet alderearst it mienskiplike fan de Friezen: de dielde skiednis fan Westerlauwersk en Easterlauwersk Fryslân yn de midsieuwen en de ynterfryske kontakten yn de 19de en 20ste ieu en Steensen jout koart en dúdlik de hichtepunten oan yn in goed lêsbere tekst. Ik mis wol in beskriuwing fan de hjoeddeiske ynterfryske kontakten tusken jongelju, frisisten en politisy en de gearwurking yn ynternasjonale minderhedefermiddens lykas FUEV, EBLT en YEN. Orizjineel en nijsgjirrich is Steensen syn besykjen om it mienskiplike yn de trije Fryslannen fan hjoed de dei te finen. Hy bliuwt net hingjen yn klisjees, mar beskriuwt krekt hoe't bygelyks reklamemakkers mei it klisjeebyld fan de Friezen omgeane.

It is apart om yn it Frysk te lêzen dat de Nederlânske oerheid trije bestjoerslagen hat of dat de PC it jierliks keatshichtepunt is. Yn Pyt Hemminga syn haadstik stiet in soad dat Frysklêzers oer it algemien wol witte en dat Hemminga nei alle gedachten foar in Dútsk publyk skreaun hat. Doch fertelt Hemminga genôch dat minder

bekend en ek foar Westerlauwerske Friezen nijsgjirrich is. Hy beskriuwt moai koart hoe'n grutte feroarings oft Fryslân nei de oarloch meimakke hat.

It nijsgjirrichst foar ynwenners fan ús provinsje binne fansels de haadstikken oer East- en Noard-Fryslân. Hajo van Lengen jout aardich omtinken oan de politike skiednis fan East-Fryslân en hat it koart oer lânskip en taal. Thomas Steensen hat it foar Noard-Fryslân ek wiidweidich oer literatuer en de ûnderskate taalgroepen yn dy streek. De relaasje tusken Friezen, Denen en Dútsers en benammen ek tusken de ferskillende groepen Fryske bewegers is hjir net botte bekend en doch hiel wichtich foar elts dy't de taalpolityk dêre begripe wol.

It Frysk Hânwurdboek

Sytze T. Hiemstra

Yn de njoggentiger jierren binne se op de Fryske Akademy mei in *ientalige* Fryske 'Van Dale' begûn. It Frysk is de ferklearjende taal en gâns útspraakoanwizings wurde oanjûn! Dat it der komme koe, is benammen te tankjen oan prof. dr. Tony Feitsma en dr. Lammert Jansma (Fryske Akademy), dy't yn it ferline o sa krewearre hawwe foar in Frysk wurdboek mei it Frysk as ferklearjende taal. Dat wie harren mei it grutte *Wurdboek fan de Fryske taal* (no al 23 dielen) spitigernôch net slagge. Dit folle lytsere wurdboek (sa'n 70.000 yngongen yn twa tsjokke dielen mei in cd) soe in plaster op it sear wêze kinne.

It wurdboek beslacht net alle 'Nijfrysk', mar bliuwt benammen beheind ta de tweintichste ieu. Wy moatte dus grif wat misse fan de skat oan wurdmateriaal en taaleigen dat troch de Halbertsma's oerlevere is. Mar ek in tiidwurd as *drite* ('poepe'), dat allinnich mar te finen is yn it Afûk-learnmiddel *Tiidwurden* en it *Frysk Wurdboek* (F-N, dl. 1, 1984). *Gies* (in meartal fan *guozzen*; Ingelsk: *geese*) hie om my net weilitten wurde hoegd. De trijetalige skoalle (mei ek Ingelsk as fak en fiertaal) hie skoan

gebrûk meitsje kinnen fan sokke oerienkomsten tusken Frysk en Ingelsk. Dus aanst net wer weilitte yn nije, hooplik like wiidweidige oersetwurdboeken (N-Fr/Fr-N). Dêr hie op it stuit faaks noch (folle) mear ferlet fan west.

Dêr soene ek de ôfbrekplakken fan de opnommen wurden yn oanjûn wurde moatte (bgl. mei stipkes). It oersjoch fan de regels dêrfoar, dat it *Frysk Hânwurdboek* jout (s. XXII), is te lestich foar de trochsneed brûker. Boppedat soe men yn in by de tiid brocht nij hânwurdboek N-F makliker moderne ict-wurden fine kinne as yn dit wurdboek, om't men no ommers witte moat wat de itige Fryske beneaming is. Dat in al tige hiem Frysk en (ek) Flaamsk wurd as 'webstek', njonken 'webstee' (weblokaasje), mist, hat my wat fernuvere.

Yn in stekproefke fan achttjin Hollânske ynslûpsels yn sân Fryske wurdboeken skoart dit wurdboek mei alve heech op it tal hollanisten dat opnommen is. By de hânwurdboeken fan 1984 en 1985 en yn Kramers Woordenboek Fries is dat noch fjouwer of minder. Der stiet yn dit wurdboek ornaris wol in H (= hollanisme) by, lykas by 'gebeure' en 'leeftiid'. En somtiden ferwiist in wurd sûnder H streekrecht nei in Fryskere wjergader, bgl. 'genade' nei 'genede'.

Besprek fan: Frysk Hânwurdboek
Gearstallers: Pieter Duijff, Frits van der Kuip (einred.), Rienk de Haan, Hindrik Sijens (red.)

Ujnwur: Afûk

Tal siden: 2386

ISBN: 978 90 6273 790 1

Priis: € 64,90 (twa cd's ynbegrepen, foar Apple resp. pc)



De fraach yn hoefier't dit hânwurdboek in strangere of in mear liberale noarm foar kar nommen hat, sil lykwols nuansearre beändere wurde moatte. In aaklike Hollânske platitude ('mandewurd' mist) as 'leuk' ûntbrekt mei rjocht, en dat is tige 'aardich'. Mar 'jammer' spitigernôch wer net en dat is te 'betreurjen'. De oare seis wurdboeken hawwe it likemin opnommen. 'Blij' (sûnder markearring) njonken 'bliid' mei 'k ek net lije. De fraach is ek oft it markearjen mei in H remjend wurkje sil op it brûken.

Wêrom is 'it festjebûs' (FW, dl. 1) weilitten en allinnich 'de festjebûs' opnommen? En wêrom 'ûngefear' (net yn FW, dl. 1; gjin H) en 'gewricht' (net yn FW, dl. 1; wol mei H) wol? 'Geswel' ynstee fan 'swolm' wurdt wer keard (ferl. de opnommen 'kankerswolm'), ek al is in 'swolm' in *otterjende* wûne. Betsjuttingsútwreiding?

Yn it Frysk hearre wurden op 'sjwa' (in 'stomme' e; gjin ferlytsingssuffiks) winliken altiten in slot-*n* te krijen. Dat is spitigernôch net konsekwint tapast (tusken heakjes stiet wat it wurdboek en myn staveringshifker jouwe): *analyzen* (s; stav. korr. [stk.] jout s en n), *binden* (n), *boeten* (n), *enkêten* (s; stk. s en n), *prinsipen* (s; stk. s en n), *fedetten* (wurd mist), *finale*n (s; stk. s en n), *foldwaanden* (gjin meartal), *gemeenten* (n), *halten* (n), *holten* (n), *karriêren* (s; stk. s en n), *kassetten* (s; stk. s en n), *kazernen* (s; stk. s en n), *kollekten* (s en n), *masinen* (s en n), *maketten* (wurd mist), *offerten* (s en n), *opnamen* (n), *prinsipen* (s; stk. s en n), *prognoazen* (s; stk. s en n), *saladen* (s en n), *sykten* (gjin meartal), *romten* (gjin meartal), ensfh. Wêrom by de wat frjemdere wurden de Hollânske s-útgongen sa oan te krûpen? It is in tizeboel. Dat hie folle konsekwinter en Frysker kinnen en moatten.

It docht my ek frjemd oan dat de útspraak fan bgl. 'ferite' werjûn wurdt as [fritə]! Soks komt wol hiel ticht by 'frette'. En 'ferivigje' [fri:vəgjø] sprek ik ek út lykas yn it *Frysk Wurdboek* (1984) noch oanjûn wurdt [fəri:vəgjø].

En wêrom allinnich de útgong *-ië* yn lânnammen as *Italië*, *Kroasië* en *Mongoalië* (efteryn it wurdboek), dêr't wy al lang *Itaalje*, *Kroaasje* en *Mongoalje* brûke en dy't wat wei hawwe fan in kompromis tusken de Hollânske skriuwwize en de Fryske útspraak? Moat dy Fryskere skriuwwize no tenei 'ferkeard' rekkene wurde?


Nettsjinsteande myn detailkrietyk draacht dit wurdboek by ta de emansipaasje en status fan it Frysk en dêr bin ik fansels tige wiis mei.

Gjin mylpeal yn de Fryske skiedskriuwing

Liuwe van der Meer

"Het boek is een mijlpaal in de Friese geschiedschrijving. Het boek biedt inzicht in aspecten van de Friese geschiedenis, geeft verrassende inzichten en levert interessante doorkijkjes naar de toekomst." Soe 'k dit boek oan in freon jaan as kado? Ik wit net. Men kriget net faak in boek yn hannen dat troch de útjouwer bestimpele wurdt as in "*mijlpaal in de Friese geschiedschrijving*". Dat wekt ferwachtings. Nei it lêzen moat

Besprek fan: Frieslands verleden
Skriftoars: Douwe Kooistra e.o.
Omslach: Barbara Jonkers
Yllustraasjes: ferskaat
Utjouwer: Bornmeer/Friesch
 Dagblad, Ljouwert, 2008
Tal siden: 288
Priis: 978 90 5615 196 6
ISBN: € 29,50



ik earlik sizze dat dy ferwachtings net wiermakke wurde. It is gjin mylpeal, heechút in paadwizerke dat minsken oantrune kin ta it sels útfigearjen fan de dingen dy't yn dit boek ûntbrekke. Wâ't

witte wol wat ûntbrekt, hoecht allinne mar it persoaneregister nei te rinnen; wâ't in bytsje thús is yn 'e Fryske skiednis, wit dan wol genôch. Mar grif is dat ek in gefolch fan hoe't it boek stal krigen hat. It is in bondeling fan los ferskynde krante-artikels. Ik wit ek net oft Douwe Kooistra, de einredakteur, de stikken noch behoffene hat foar publikaasje. Mar hy hat grif de minsken benadere. De kar fan ûnderwerpen hat grif mei *syn* belangstelling te krijen. In grut tal artikels is neffens my tige ynformatyf, dy haw ik mei nocht lêzen en dat binne dan benammen de artikels dy't it tiidrek oant 1500 behannelje.

Mar foar it tiidrek 1500-2000 moast der wat de ûnderwerpen oanbelanget in kar dien wurde en de behannele ûnderwerpen binne net altiten *myn* ûnderwerpen, lykas de yn 'e Fryske kanon opnommen persoanen en saken ek lang net altiten *myn* kar wêze soene. Ik achtsje guon artikels, lit my it foarsichtich sizze, wat oerflakkich. Yn in sneonskrante kin sa'n artikel dan gau wer by it âld papier, mar yn in boek wurdt sa'n artikel dan in soarte fan boekfolling en dat is grif net de bedoeling. In tal artikels hat in soarte fan iepen ein, grif om't de auteur net de tiid en de romte hân hat om syn ûnderwerp echt ôf te breidzjen. In foarbyld: in artikel as dat oer de Ljouwerter hofkultuer smyt neat nijs op en leart my ek hielendal neat oer dy kultuer. Ik wol dan graach nammen lêze fan persoanen oan it hof, ik wol graach witte hoe't de hofhâlding yninoar siet, oft der ek in protokol wie, hoefolle personiel oft der omstapte, hokker keunstners oft der delkamen, hoe't in dei-yndieling der útseach, wat de ynfloed west hat op de skilder- of boukeunst yn 'e provinsje. Want dat ferstean ik ûnder hofkultuer. Mar sokke saken steane net yn it artikel.

By de kar fan ûnderwerpen wurde der neffens my ek persoanen en saken weilitten dy't yn in boek oer "Frieslands verleden" net ûntbrekke meie, alteast as it boek de namme "mijlpaal" fertsjinje wol. De Halbertsma's bygelyks hiene wol in artikel fertsjinne, of de Fryske sulversmidden. Sjoen de resinte dissertaasje fan Piet Bakker hat der ek in ryk skilderslibben west yn ús